

MOASJE

In te vullen door de griffie

Nr:



PPN 2026-2029 | Undersyk Eeltjemeer – ôfstjitte gemeentlik eigendom

De Ried fan de gemeente Dantumadiel, yn gearkomste op 7 july 2025,

Konstatearjend dat:

- it gemeentlik eigendom by de Eeltjemeer op dit stuit ûnderbenut wurdt foar rekreatyf gebrûk;

Fan miening dat:

- in mear aktive ynset op ferkeap of útbesteegejen oan in profesjonele partij in ympuls jaan kin oan rekreaasje, ferbliuwstoerisme en leefberens;

Fersyket it kolleezje:

- om te ferkennen oft (in part fan) it gemeentlik eigendom by de Eeltjemeer ôfstjitten wurde kin oan in serieuze merkpartij;
- hjirby ek de ynbring fan doarpsbelang en rekreaasjeûndernimmers te beheljen;
- en de útkomsten foar 1 febrewaris 2026 oan de ried foar te lizzen mei mooglike folgjende stappen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Undertekening

Hilbrand Visser, CDA Dantumadiel

Beslút

Foar	Tsjin	Oannommen	Paraaf griffier
		Fersmiten	